



# **FÊSTRÛN**

**(Gestrand)**

**In komyske skriller**

**fan**

**MARY BAKKER-SCHOON**

**Fryske oersetting**

**Gurbe Dijkstra**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**  
**(Grimas Theatergrime verkoop)**  
**Tel: 072 - 5 11 24 07**  
**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**  
**Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **FÊSTRÛN - GESTRAND** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **MARY BAKKER-SCHOON** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2017 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)**

**E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)**

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

### **Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **7** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

### **Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

GERBRAND - boer

RAOUL - streuper

ZANDSTRA - dokter

ELS

LOES

MARJAN

TREES

Marjan en Els binne freondinnen, Trees en Loes ek. Marjan en Loes binne suskes, Trees en Els ek.

## **DEKOR:**

It stik spilet yn in ienfâldige húskeamer fan in buorkerijke. Links, net hielendal tsjin de kant oan, stiet in keale, houten tafel mei fjouwer stuollen der omhinne. Rjochts tsjin de achterwand stiet in ienpersoansbêd dêr't in spreij op leit. Boppe it bêd, yn de achterwand, is in rût. Yn de rjochterwand is de doar nei it keukentsje. Yn de midden fan de achterwand sit de doar nei bûten. It gehiel liket it meast op in fakânsjehúske. Tsjin de linkerwand stiet in kastke mei servysguod.

## EARSTE BEDRIUW

*(der wurdt op de doar kloppe, dan giet dy hiel foarsichtich iepen en Els komt mei de holle om de hoeke)*

**ELS:** *(sjocht yn de keamer)* Gjinien. *(dan ropt se foarsichtich)* Joe hoe, is hjir ien? *(se wachtet)*

**MARJAN:** *(stekt ek de holle om de hoeke, sjocht en ropt)* Folk yn!

**ELS:** Folk yn?

**MARJAN:** Ja, dat roppe minsken fan bûten altyd at se foar de doar stean. Folk yn!

**ELS:** Neffens my is der gjinien. *(de doar giet no wiid iepen en Trees komt der ek by te stean)*

**TREES:** Litte we noch in kear roppe. Wa wit is der ien boppe of sit der ien op it húske.

**ELS:** Tinkst dat?

**TREES:** Ja, dat ha ik ek altyd. Krekt atst even lekker op 't húske sitst, stiet der ien foar de doar.

**ELS:** No toe dan, noch ien kear: Joe hoe! Is hjir ien?

**MARJAN:** *(se wachtsje)* Neat. Gjinien. Wat no? *(se sjogge elkoar freegjend oan)* Sille we der mar gewoan yngean? It sjocht der wol hiel ûnbewenne út. *(se gean der foarsichtich yn)*

**TREES:** Miskien is dit wol sa'n trekkershut fan de ANWB.

**ELS:** Soest tinke?

**TREES:** Sa sjogge dy hutten der wol út. De ANWB hat se oeral te stean.

**MARJAN:** *(lûkt in kast iepen)* Mei servysguod yn de kast en in opmakke bêd?

**ELS:** Jakkes, ik fyn dit mar neat, aansen komt der ien, litte we fuortgean.

**TREES:** Doch net sa skiterich!

**MARJAN:** *(tsjin Els)* Wêr wolst hinne? De auto sit sa fêst as in hûs. Dy krije wy der net mear út.

**TREES:** *(ferwitend)* Do hiest dat paad ek net ynride moatten!

**MARJAN:** No ha ik it wer dien seker? Jim woene doch ek in moaie lanlike rûte ride? En earst wie 't gewoan in asfaltdykje, pas letter waard it smeller en doe gong it ynienen oer yn in sânpaad.

**TREES:** In modderpoel silst bedoele. Mei hûnderten kûlen en gatten.

**MARJAN:** Hie dan sels riden!

**ELS:** Wêr is Loes?

**MARJAN:** Ja, wêr is myn suster?

**TREES:** Dy stiet noch oan de auto te lûken.

**MARJAN:** Se kin lûke oant se in ûns weaget, mar dy auto docht neat mear. Ik ha 'm hielendal leechstarten. Der sit gjin folt stroom mear yn.

**TREES:** Wat no? Bliuwe we hjir?

**ELS:** Witsto wat oars? *(se giet op it bêd sitten)* Lekker sacht bedsje.

**MARJAN:** Gean fan dat bêd ôf! Aansen komt der ien yn.

**ELS:** Doch net sa strest! *(giet wol oerein)* Miskien hat Trees wol gelyk en is dit in trekkershut of in fakânsjehúske. In twadde húske fan in steltsje rike stjonkerts en bin se fergetten de doar op slot te dwaan.

**TREES:** Dat is noch net iens sa gek betocht, *(se knikt mei de holle en sjocht om har hinne)* sa sjocht it der eins wol út en it stiet ek wat achterôf, midden yn de Appelskeaster bosken.

**MARJAN:** Ik sil Loes helje.

**TREES:** Nim daliiks de piknikkoer en de kofjekanne mei.

**MARJAN:** Doch ik! *(ôf)*

**ELS:** *(docht de keukensdoar iepen)* O, Trees, sjoch es wat in skattich keukentsje!

**TREES:** *(sjocht ek)* It liket wol in museum! O, sjoch es wat in moai balkeplafond. En noch in echt rek mei potten en pannen! Wat gesellich! Sa hiesto de keuken ek ynrjochtsje moatten.

**ELS:** Henk sjocht my oankommen. Och, soks past net iens yn ús ynterieur, it wie mear foar dy bedoeld.

**TREES:** Foar my? Wat moat ik mei in hûs, ik ha net iens in fint.

**ELS:** Wat net is kin komme. Do kinst net dyn hiele leven by heit en mem bliuwe!

**TREES:** Foarearst is dat wol it maklikst en it goedkeapst.

**ELS:** Foarearst ja! Mar wy nimme jim net foar neat mei nei de Chippendales.

**TREES:** Do dochst no krekt as soest sels net nei de Chippendales wolle! Loes en ik kinne sels wol in man sykje en dat dogge we at it ús skikt.

**ELS:** Dat is 't 'm no krekt, jim sykje net. Jim binne al oer de tritich! Atst noch oan bern begjinne wolst....

**TREES:** Hâld doch op! Wy binne noch pypjong!

**ELS:** *(spottend)* Pyp!

**LOES:** *(op)* Jim jouwe it ek gau op! We kinne doch planken ûnder de tsjillen skowe? At we dan mei syn allen triuwe ha we 'm der sa út!

**MARJAN:** *(op mei de piknikkoer en de kofjekanne)* Dan rêde we it noch net, Loes, de akku is leech! Dy auto jout gjin kik mear. Moarn mar in garaazje sykje en freegje oft se ús loslûke wolle. At it tsjinsit

moat er ek noch oan de akkulader.

**LOES:** Moarn pas?

**MARJAN:** Ja, it is no hast tsjuster, at we der no noch op út gean ferdwale we seker yn dizze rimboe.

**LOES:** Mar jûn binne de Chippendales!

**MARJAN:** Yn Grins! Ja, ik wit it, dy misse we. Dêr is neat mear oan te dwaan!

**ELS:** O, ik kin my sels wol foar de kop slaan at ik der oan tink wat wy allegear misse moatte! En wat in sûnde fan dy djoere kaarten.

**TREES:** Do diest it foar ús? Dy brune spierbondels koene dy doch neat skele?

**ELS:** Sjen mei, sjen moat sels! Dat hâld de geast aktyf! Dat seit Henk sels ek altyd.

**TREES:** Mar dan hat er it grif net oer de Chippendales!

**ELS:** Dat tink ik ek net. Mar sjen is wol sûn, dêr bin ik it mei iens.

**MARJAN:** Iten ek! *(se pakt de piknikkoer en set dy op tafel)* Goed dat we fanmiddei noch in útsmiter kocht ha, oars hiene we no neat mear hân. *(tsjin Loes)* Helje in pear kopkes út de kast. *(Loes pakt kopkes. Els giet nei de keuken en komt werom mei in pear messen)*

**ELS:** Hast dat keukentsje sjoen? *(Marjan skoddet de holle)* Sa leuk jong! Der stiet in âlderwetsk fornús mei in skou derboppe.

**TREES:** En sa'n rútsjegerdyn...

**LOES:** *(smart broadsjes)* Dy broadsjes binne noch lekker farsk en doch lizze se al de hiele dei yn de auto.

**MARJAN:** Dy bakker hat gewoan goed spul.

**TREES:** *(skinkt kofje yn)* Drink dy kofje mar gau op, want dy is net al te waarm mear. *(Els sjocht in lyts michje, folget it mei de hân en slacht 'm dea op de tafel)*

**LOES:** Wat dochst?

**ELS:** Ik slaan in mich dea.

**LOES:** *(sjocht)* In deimichje.

**ELS:** Makket dat wat út?

**LOES:** In deimichje! Dat leeft ien dei en do slachst 'm dea. Do gunst dat bist sels dy iene dei net!

**ELS:** Wat in ûnsin en wat in drokte om sa'n kloatemich!

**TREES:** *(nimt in grutte hap út in broadsje)* Loes hat gelyk! Atst mar ien dei te leven hast, is it gewoan wreed datsto der in ein oan makkest noch foardat dy dei om is.

**MARJAN:** Se neame it wol in deimich, mar kin dat eins wol?

**TREES:** Hoe bedoelst?

**MARJAN:** *(nimt noch in hap en praat mei de folle mûle)* No, ik bedoel, je wurde geboaren, je leare fleanen, sykje in partner, pearje, lizze

aaikes, en dan gean je dea. Kin dat allegear op ien dei?

**TREES:** Nee, dat kin nooit! Dêr ha wy no al mear as tritich jier oer dien.

**MARJAN:** Dat woe 'k mar even sizze. Is in deimich wol in deimich? *(no giet de doar stadich iepen en stiet Gerbrand yn de doar. Hy sjocht lil/ferheard nei de fjouwer froulju, dy ferstivje fan skrik en sjogge mekoar mei grutte eagen oan. Marjan slokt mei muoite de hap fan it broadsje troch en giet dan stadich oerein)* Goejûn... *(Gerbrand seit neat, ûndersykjend sjocht hy har oan en wachtet ûnbeweechlik ôf wat se sizze sil. Dit makket Marjan noch senuwachtiger. Se faget de hannen ôf oan de klean en stekt de hân út)* Ik bin Marjan! *(Gerbrand nimt de hân net oan mar bliuwt lil sjen en wachtet)* Eh... dit hjir is myn suske Loes. En dit is Els. Els is myn freondinne en dat is Trees, de sus fan Els. En Loes en Els binne ek wer freondinnen. En ik en Els...

**ELS:** Lit mar Marjan... Hjir begrypt gjin ien mear wat fan. *(giet ek oerein. Tsjin Gerbrand)* Twa pear sussen en twa pear freondinnen. *(Gerbrand seit noch altyd neat mar komt in pear stappen de keamer yn. De froulju folgje syn stappen bang)*

**LOES:** *(senuwachtich)* Wolle jo in broadsje? Fanmoarn farsk helle. Us bakker hat goed spul, dat seine we krekt noch tsjin elkoar, netwier famkes? *(se hâldt him in broadsje foar en sjocht senuwachtich fan de iene nei de oare)*

**GERBRAND:** Ynpakke en opdonderje!

**MARJAN:** *(giet oerein en seit him stadich nei)* Ynpakke en opdonderje? Mar... we binne der krekt... *(no sjocht se dat Gerbrand syn gesicht op ûnwaar stiet en giet wer sitten)*

**TREES:** *(deemoedich)* Menear, wy ha maleur mei de auto. Dy sit hjir even fierderop fêst yn de modder. We kinne nergens hinne.

**GERBRAND:** Dêr ha ik neat mei te krijen. Ynpakke en opdonderje!

**ELS:** No ja! Jo kinne ús doch net...

**LOES:** It is al tsjuster bûten!

**MARJAN:** At jo in trekker hawwe dy't ús der útlûke kin, dan binne we sa wer fuort.

**GERBRAND:** Ik ha neat.

**MARJAN:** Neat? Ek gjin auto?

**GERBRAND:** Nee.

**TREES:** *(knikt sels wylst se dit seit)* Jo wenje hjir? *(Gerbrand jout in lyts knikje)* Dat tocht ik al.

**MARJAN:** Leuk hûs!

**ELS:** Ja, in hiel leuk hûs!

**TREES:** Skattich keukentsje!



**ELS:** Ja, der is seker gjin trep nei boppen? Is der eins wol in souder?  
(*se krijt in dúst fan Marjan*)

**GERBRAND:** (*stoef*) Dus jim ha de boel al goed troch 't gat sjoen?  
(*stadich*) Soa... soa... Hoelang binne jim hjir al?

**LOES:** Noch net sa lang. In kertier tink ik.

**MARJAN:** We soene nei de Chippendales. En omdat we der in gesellich wykein fan meitsje woene binne we fanmoarn al ôfreizge. In moaie rûte ride, piknikke ûnderweis, de grutte diken wat mi je, je witte wol.

**GERBRAND:** (*reagearret net*) Ynpakke en opdonderje. Ik sis it net noch es.

**LOES:** (*gûlderich*) Mar it is pikketsjuster bûten!

**MARJAN:** Kom, litte we mar gean. (*set de kopkes byelkoar en docht de broadsjes wer yn de pûde*) Wy rêde ús wol.

**LOES:** Mar dy auto sit sa fêst as in hûs, wêr woest hinne?

**ELS:** (*yn in lêste besykjen, sacht*) Kinne we hjir echt net bliuwe menear?

**MARJAN:** (*sacht*) Alle boeren binne itselde. Ik bin noch noait in goede boer tsjinkommen. (*Gerbrand stekt de hannen djip yn de broeksbûsen en giet mei de rêch nei de froulju ta stean. Hy sjocht stoef de seal yn*)

**TREES:** (*twiveljend*) No, dan geane we mar.

**MARJAN:** Ja, we gean!

**ELS:** De tsjustere nacht yn...

**TREES:** Frieze we dea dan frieze we dea.

**LOES:** Mar wy kinne doch net...

**MARJAN:** (*jout Loes in triuw nei bûten*) Rinne do! (*wifeljend gean se alle fjouwer ôf. At se ôf binne giet Gerbrand op knibbels sitten en sjocht ûnder it bêd. Hy lûkt de spreid ekstra fier nei ûnderen en giet dan sichtber tefreden op it bêd lizzen mei de earmen ûnder de holle. In pear tellen letter wurdt der op it rût kloppe en Trees sjocht mei in smekend gesicht nei binnen*)

**TREES:** Asjebleaf! (*Els komt ek foar it rût*)

**ELS:** Asjebleaf, menear!

**GERBRAND:** Opdonderje! (*makket ek it gebeart 'fuort' mei de hân. No komt Loes der ek by, se tikket op it rût en ropt*)

**LOES:** Menear, hearre jo es!

**GERBRAND:** Wat in steltsje oanhâlders! (*hy skoot it gerdyn ticht*) Ferfelende wiven! (*nei sawat tsien tellen komt Els wer op*)

**ELS:** (*de hannen striidlustich yn de side*) Menear! Menear, mei ik even wat sizze? In bytsje keardel stjoert net samar fjouwer froulju jûns let de bosk yn!

**GERBRAND:** (*wiist nei de doar*) Derút!!

**ELS:** Dit is ûnminsklik! Nee, dit is ûnbeskoft!

**GERBRAND:** Unminsklik? Unbeskoft?! Doarsto dat tsjin my te sizzen? Jim kringe myn hûs yn! Jim sneupe oeral om, is dat fatsoenlik? Wat tochtst dêrfan?

**ELS:** Wy kamen fêst te sitten mei de auto! Wy ha earst kloppe en roppen mar doe't der net ien kaam tochten we dat it in trekkershut fan de ANWB wie.

**GERBRAND:** Tanke.

**ELS:** Graach dien!

**TREES:** (*komt ek op*) Ik wol allinne mar even sizze dat der yn dy grutte skuorre achter it hûs bisten stean te razen.

**GERBRAND:** Dat binne bargaen, dy hawwe honger. At jim hjir net west wiene hiene se al lang te fretten krigen.

**ELS:** Dêrom stjonkt it hjir sa!

**TREES:** O, wat leuk, bargaen! Mei ik jo helpe mei fuorjen?

**GERBRAND:** Gjinn tinken oan!

**LOES:** (*smekend*) Meie we bliuwe? (*Gerbrand seit neat*)

**MARJAN:** (*op*) Wat seit er? Meie we bliuwe?

**GERBRAND:** (*oerein, djippe sucht*) It sil wol moatte. Ut jimsels gean jim doch net fuort.

**MARJAN:** Jo sille gjinn lêst fan ús ha. Wier net. Moarnier betiid binne we fuort, sa gau at it ljocht is!

**ELS:** (*entûsjast*) By 't lemieren fan de dei!

**TREES:** Net oerdriuwe!

**GERBRAND:** Dêr hâld ik jim oan. Moarnier direkt troch nei Chippendales. Wêr leit dat trouwens? Hjir net yn de buert wol?

**LOES:** Chippendales is gjinn plak!

**TREES:** De Chippendales binne moaie brune spiersterke manlju yn in minuskúl ûnderbroekje, dy't in eigen show hawwe. Mar moarn binne se der net mear, want se binne op trochreis nei Ingelân, allinne jûn wiene se yn Grins.

**GERBRAND:** (*mompelt*) It moat ek net mâlder wurde, sa'n hiele reis ûndernimme om in pear bleate keardels te sjen.

**MARJAN:** Tûzenen froulju dogge it.

**GERBRAND:** (*reagearret snuwend*) Grins! Dan binne jim it paad wol hiel bot kwyt. We sitte hjir tsjin Drinte oan!

**TREES:** (*skrikt*) Drinte?

**MARJAN:** Miskien kinne jo moarn op de kaart oanwize wêr't we sitte? (*Gerbrand knikt koart*)

**LOES:** Wêr moatte we sliepe? Ik sjoch mar ien bêd.

**GERBRAND:** Ik ha mar ien bêd. Ik sliep wol yn de skuorre by de

bargen en foar de rest sykje jim it mar út. Moarnier wol daliks opdonderje, tink derom! (*at er by de doar is*) Oeral ôfbliuwe en net omsneupe!

**MARJAN:** Fansels net!

**TREES:** (*pakt de hân fan Gerbrand en skoddet dy*) Tanke menear! (*Gerbrand skuort de hân los. De oaren mompelje ek sokssawat as tanke, dan giet Gerbrand ôf*)

**LOES:** Goh! Ik tocht even dat we de nacht yn de bosk trochbringe moasten.

**TREES:** Ik ek!

**ELS:** Neffens my sitte der allegear aaklike bisten yn dit bosk, ik hearde krekt al in ûle razen.

**MARJAN:** Ik miende mar dat ik wolven hearde.

**LOES:** Dat binne gjin wolven mar foksen.

**MARJAN:** Hoe wilsto dat no?

**LOES:** Dat wit ik gewoan.

**ELS:** It gong net fan herte, mar we hawwe in bêd. (*se gean allegear by de tafel sitten*) Hoe dogge we 't? Lotsje wy derom?

**LOES:** Der kinne twa op it bêd en dan kinne dy oare twa de stuollen diele.

**TREES:** We lotsje. Krús of munt.

**MARJAN:** Wa giet by wa?

**LOES:** Ik gean by Trees. Ik ha froeger lang genôch by dy lein. Dy't krús hat mei kieze.

**MARJAN:** (*sjocht de kring yn 't rûnte*) Allegear mei iens? (*se knikke*) Nimme wy munt.

**TREES:** (*pakt de munt en smyt dy omheech, fangt him op en leit 'm omkeard op de hân, se sjocht*) Krús!

**LOES:** Wy meie kieze. Trees en ik nimme it bêd.

**ELS:** Dat siet der dik yn. Dan gean Marjan en ik op de stuollen.

**MARJAN:** My bêst. Fine jim it slim dat we ús dan daliks mar deljouwe? Ik ha de hiele tiid riden en ik bin deawurch.

**ELS:** Ik ha Henk beloofd dat ik him belje soe. (*sjocht op de mobyl*) Mar ik tink dat ik hjir gjin berik ha.

**MARJAN:** Ik soe Paul ek belje. Se sille it wol raar fine dat we neat fan ús hearre litte.

**ELS:** Soene se harren ûngerêst meitsje tinkst?

**MARJAN:** Wol nee. Se tinke grif dat we ús ta de teannen út fermeitsje en gewoan ferjitte te beljen.

**ELS:** Se sitte no grif byelkoar en kleie oer ús, dat we se it hiele wykein allinne litten ha.

**MARJAN:** Ja, mei in kret biet en de freugdewipper tusken har yn! En

se wurde by 't oere begrutliker! *(se laitsje)* Mar ik ha gjin skuldgefoel hear! Dit is de earste kear dat se allinne binne, sy binne folle faker tegearre fuort west. Om te fiskjen!

**ELS:** Fiskje, ja! Mar dat is doch oars. Wy gean nei de Chippendales!

**MARJAN:** Dat doch ik leaver as fiskje! En wy dogge it foar ús susters, dy moatte noadich oan de man! We ha se jierrenlang ompankoekje litten mar se bakten der neat fan!

**LOES:** Hâld dêr no es oer op!

**MARJAN:** Okee! We hawwe it der net mear oer. *(op oare toan)* Wat dogge we? Klaaie we ús út?

**TREES:** Mei dy aaklike boer sa tichtby?

**ELS:** Do hast gelyk, we hâlde de klean oan. We sille evensagoed wol kâld en stiif wurde op dy stuollen.

**MARJAN:** Hoefolle tekkens lizze der op dat bêd?

**LOES:** *(sjocht)* Twa en in spreij.

**ELS:** Dan diele we. Ik de spreij, Marjan in tekken en jim it lekken en in tekken.

**MARJAN:** Jim lizze byelkoar, dat is in stik waarmer.

**LOES:** *(hellet de spreij en in tekken fan 't bêd en jout dy oan Els en Marjan. Dan giet se mei Trees op it bêd lizzen)* Lekker bedsje!

**TREES:** Sko es op, ik fal der hast ôf! *(Marjan en Els sette twa stuollen tsjinoer elkoar en gean dêrop sitten, fuotten op de oare stoel. Tekkens der oerhinne. Marjan sjocht nei it bêd)*

**MARJAN:** Wat lizze jim dêr lekker smûk. Je soene der hast wat fan tinke.

**LOES:** Tink mar watst wolst, sus, wy lizze sacht en waarm. Sille we it ljocht oanlitte?

**ELS:** Liket my better fan wol.

**TREES:** Ik ha der gjin lêst fan en at der ûnried is, sjogge we it daliks.

**MARJAN:** Lekker sliepe. *(se sizze mekoar goenacht. Op de stoel draait Els in pear kear om en om. Se giet oerein en set de stuollen tichter by elkoar en besiket dan oft se sa better leit. De oaren sjogge ta mar sizze neat. Dan giet se rjochtoerein sitten)*

**ELS:** Sa kin ik net sliepe hear!

**MARJAN:** Komt dat fan it ljocht?

**ELS:** Nee, ik kin gewoan net sittend sliepe. Sil ik op de tafel lizzen gean? Fine jim dat raar?

**MARJAN:** Wol nee, dy boer komt doch net te sjen! Dy man is bang foar froulju. Besykje it mar.

**ELS:** *(klimt op de tafel en giet lizzen)* Sa, sa kin ik lizze, dat is in stik nofliker. Ik woe dat ik in kessen hie.

**MARJAN:** Dan pak ik dy stoel fan dy der by. Miskien kin ik dan ek

lizze. *(se skoot der noch in stoel tusken)*

**TREES:** *(treiterjend)* Wat lizze wy lekker, net Loes?

**LOES:** Och, it soe wat rommer kinne, mar wy ha in hearlik stevich kessen. We meie net kleie.

**MARJAN:** Leuk hear. *(wol har omdraaie, dan sjocht se ynienen dat der in briefke ûnder de doar trochskood is. Se giet oerein)* Krij no wat! Moatst sjen! Der hat ien in briefke ûnder de doar trochskood! *(se rize allegear oerein en sjogge wylst Marjan nei de doar giet en it briefke pakt)*

**LOES:** Wannear is dat gebeurde? Ik ha neat heard. Wachtsje es, miskien is it fan dy boer, miskien wol er noch wat sizze en doart hy der net yn te kommen.

**ELS:** In fatsoenlik man!

**TREES:** Wat stiet derop, Marjan?

**MARJAN:** *(lêst)* Fannacht twa oere Kûgelsgat.

**ELS:** Fannacht twa oere Kûgelsgat?

**MARJAN:** Wat soe soks no te betsjutten ha? Dit is grif net foar ús. Ik fyn it mar in raar berjocht.

**LOES:** Moatte we it net oan de boer sjen litte? Dat briefke is grif foar him.

**TREES:** Wat soe dy boer dêr nachts om twa oere te sykjen hawwe?

**ELS:** Foar ús in fraach en foar him in weet! Mar wat it ek is, it giet ús net oan! Mar hy moat it wol witte.

**TREES:** Om twa oere nachts? Dat is net yn de heak.

**MARJAN:** Hoe krije we dat briefke by dy boer? Ik kom net op dat drekkige hiem en wa wit wêr't er ergens leit te sliepen dêr yn dy stâl?

**ELS:** Lis it der wer del. Sa dogge we krekt as witte we fan neat. Kin er ús neat meitsje. *(suchtet)* Ik sil bliid wêze at we moarn fuort kinne.

**TREES:** *(freget har ôf)* It Kûgelsgat... Wêr soe dat wêze? Soe it op de kaart stean? Wat ha je om twa oere nachts yn de bosk te sykjen?

**ELS:** Wat seit dat it yn de bosk is, der is hjir ek heide.

**LOES:** *(tsjin Marjan)* Kin dy doar op slot? Tink dy es yn, dat der hjir fannacht om twa oere ien ynkomt. *(Marjan leit it briefke wer op de matte en fielt oan de doar)*

**MARJAN:** Dy doar kin net op slot, dat witst doch?


**TREES:** *(stekt de holle bûten bêd, sjocht nei de grûn en sjocht oft se it briefke lizzen sjocht)* Neffens my lei it mear nei rjochts.

**ELS:** Dat makket neat út, dat wit dy boer doch net. *(Trees hinget noch bûten bêd en sjocht der no ûnder)*

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.

 [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

 072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**